

Lyts Tomke

skreaun foar de Oerstek-musical fan 2001

kearsang:	wy moatte hiel hurd rinne	D	Em
	wy moatte hjir wer wei	A7	D
	want dy ferrekte reus	D	G
	dy sit ús efternei	A7	D

wy hiene thús gjin iten	D	
der wie gjin krûmke brea	Em	
eltsenien hie honger	A7	
en gie dêr hast fan dea	D	
heit brocht ús nei de bosk ta	G	
sels noch in twadde kear	D	
wy moasten ús mar rêde	E7	
mar koene dat net mear	E7	A7

kearsang:

wy kamen by in hûs oan
de reus dy wenne dêr
wy krigen doe wat iten
mar skrokken allegear
 want doe't de reus wer thús kaam
 sa om in oer' of seis
 doe snúfde hy en raasde:
 ik rûk hjir minskefleis!

kearsang:

wy koene dêr ûntsnappe
en draafden, net gewoan
mar hy koe folle hurder
hie superklompen oan
 mar no't hy lei te sliepen
 o ja, hy snoarke bot
 no set wy mei syn allen
 op syn superklompen fuort!

kearsang: